

---

**Presintaasje Tsjinstboek diel II - 9 oktober 2010 - 1**

Tsjinstboek diel II komt út

Sneon 9 oktober sil de middeis om 15.30 oere it twadde diel fan it Frysktalige tsjinstboek fan de Protestantske Tsjerke presintearre en oanbean wurde. Dat sil wêze yn de Grutte of Jakobiner tsjerke fan Ljouwert.

Yn 2005 waard op itselde plak diel I 'Skrift – Miel – Gebed' oanbean. Dat diel jout it materiaal foar de gewoane tsjerketsjinsten troch it jier hinne en foar it deistich gebed.

Diel II 'Libben – Seine – Mienskip' jout it materiaal foar oare gelegenheden: Doop en Belidenis, it Miel fan de Hear yn bysûndere omstannichheden, Befêstiging (en ôfskied) fan amtsdragers, Ynlieding yn in betsjinning, Betsjinning fan de fermoedsoening, Seinigingen yn alderhanne situaasjes, Leafde en trou, Ufear en rou.

It materiaal dat dêrfoar byinoar brocht is – oarders foar fieringen, gebeden, lietesuggestjes en taljochtings –, is net allinnich foar bysûndere tsjerketsjinsten ornearre mar ek foar de pastorale taryeding en neisoarch.

De lanlike edysje fan dit royale boek fan goed tûzen siden kaam yn 2004 út. It oersetten wie de taak fan de Yntertsjerklike Kommisje foar de Fryske Earetsjinst (ykfe) en is dien troch trije wurkgroepkes fan mei-inoar acht frijwillich meiwurkers. Bysûnder is dat oan de Fryske edysje oersettings fan sa'n 25 gaadlike lieten tafoege binne.

Yn de feestlike presintaasje wurde ûnder mear wat pastorale situaasjes mei teksten út it tsjinstboek yn sketskes ta libben brocht en sil in tal fan de lieten songen wurde. Nei de oanbieding nimme ôffurdigen en dominy's fan de Protestantske gemeenten yn Fryslân it boek yn ûntfangst. Elkenien dy't ek belangstelling foar dit barren hat, is tige wolkom. Daliks nei ôfrin is it boek ek te keap.

It Tsjinstboek is in útjefte fan Uitgeverij Boekencentrum, isbn 978 90 239 2437 1.  
Sjoch ek: [www.dienstboek.nl](http://www.dienstboek.nl)